

1. Komplimint dat der in “Wet gebrûk Fryske taal” komt.
2. Komplimint dat de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) in wetlike ferankering krijt.
3. Komplimint dat it Konsultatyf Orgaan wetlik ferankere wurdt yn in “Raad voor de Friese taal”.

## Oanbefellings

1. It foarstel fan de wet sa't it der no leit moat de status krije fan in kaderwet, dêr't ek yn in letter stadium oare wetjouwing by oanheakke wurde kin. Dêrby soe de wet periodyk (bygelyks eltse 4 jier) op 'e nij besjoen wurde moatte. Binne der feroarings/oanfollings nedich? Sjoch bygelyks nei it Gaelic yn Skotlân.

- Of no daliks ek de oare domeinen opnimme yn de “Wet gebrûk Fryske taal”.
- Of ôfspraken fêststelle oer it opnimmen fan de oare domeinen binnen 4 jier.

Dêrneist moat foarkommen wurde dat besteande wetjouwing ferfalt, foar't dizze nije “Wet gebrûk Fryske taal” rjochtsjildich is (artikel 37).

2. Yn artikel 2 wurdt it wurd “periodiek” neamd.

- Yn de wet soe in útfieringskonvenant opnommen wurde moatte, bygelyks ôfspraken foar in perioade fan 4 jier.

3. Yn de nije taalwet moat fêstlein wurde dat de Provinsje Fryslân in wetlike taak hat as it giet om it fieren fan belied op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. En ek dat der sprake is fan in mienskiplike ferantwurdning fan it Ryk en de Provinsje tegearre, om't it Ryk de ûndertekener is fan sawol it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen en it Kaderferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden.

4. Yn artikel 21, §2 wurdt sein dat de leden fan de “Raad voor de Friese taal” op foardracht fan it ministearje beneamd wurde.

- De leden moatte op foardracht fan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân beneamd wurde.

5. Omrop Fryslân soe yn de wet opnommen wurde moatte. Reden dat dizze apart neamd wurde moat is dat Omrop Fryslân in spesjale status fertsjinnet, oars as oare regionale omroppen, fanwegen de ekstra funksje foar de Fryske taal. Dizze spesjale status soe dan ek gearhingje moatte mei in eigen budzjet foar Omrop Fryslân.

6. De formulearring fan it konseptfoarstel is swakker as de “Algemene wet bestuursrecht” (AWB) as it giet om it mûnling brûken fan it Frysk yn gearkomsten fan publike organen. De “Wet gebrûk Fryske taal” moat ditoangeande net efterútbuorkje.

7.

Omtinken foar de sichtberens fan it Frysk by de oerheden yn Fryslân is wichtich, want sa meitsje je it publyk dúdlik dat der wat feroare is en dat Frysk en Nederlânsk lykweardich binne en beide brûkt wurde kinne. Soks komt ek oerien mei de bedoeling fan Minister Donner. Hy seit Friezen oanmoedigje te wollen “meer Fries te gebruiken bij de overheid”.

Friezen hawwe it rjocht om Frysk te praten, wat yn it Frysk sein wurdt, wurdt ek yn it Frysk notulearre. Dit is net ûnbelangryk en ûnlogysk notulearre wurdt.

Op it callcenter fan Politie/Plysje Fryslân meie allinnich minsken wurkje dy't it Frysk goed ferstean. As de Fryske plysje foar in noardlik callcenter kiest, dan moat 'goed passyf Frysk' en 'in positive taalhâlding' in funksje-eask wêze foar alle meiwurkers. As yn de praktyk bliken docht dat dit net te realisearjen is, rjochtet de Fryske plysje, lykas foarhinne, in eigen callcenter yn. It kin net sa wêze dat Friezen dy't mei de plysje belje, faak yn in situaasje fan stress, har eigen taal net prate meie.